

Sicht op 'e Lelyline



Publyksgearfetting

Einrapportaaasje ûndersyk Lelyline 2024



Yntroduksje

Yn 2022 besleaten de lanlike oerheid en de regio om in wiidweidich ûndersyk te starten nei in nije en flugge spoarline: de Lelyline. Ein 2024 ha wy it ûndersyk ôfrûne en waard der in rapportaazje makke. It ûndersyk moat útwize oft de Lelyline nuttich is, hokker foardielen de spoarline opleverje kin, en wat de gefolgen binne foar it libjen, wenjen en wurkjen yn hiel Nederlân en benammen yn Noardlik Nederlân. Yn dit dokumint fetsje wy de einrapportaazje fan it ûndersyk foar in breed publyk gear.

Wat is de Lelyline?

De Lelyline is in nije, flugge spoarline dy't begjint yn Grins/Ljouwert oan de iene kant en Lelystêd oan de oare kant. De yntinsje fan de Lelyline is it ferbetterjen fan de ferbining tusken Noardlik Nederlân (Flevolân, Drinte, Fryslân en Grinslân) en de Rânestêd. It doel is om de reistiid te ferkoartsjen en om dêrmei de ferskillen tusken regio's lytser te meitsjen.



Wêrom dogge wy ûndersyk nei de Lelyline?



- De Lelyline soarget derfoar dat ferskillende regio's yn Nederlân better berikber wurde, benammen yn it noarden fan it lân.
- De Lelyline makket reizgjen fan Grins en Ljouwert nei de Rânestêd flugger en makliker. Dat ferbetteret de berikberens fan Noard-Nederlân en makket ek in bettere ferbining nei Dútslân mooglik.
- De Lelyline soarget foar in bettere ekonomy yn Noard-Nederlân.
- De Lelyline makket doarpen en stêden yn Noardlik Nederlân better berikber. Dêrtroch is it oantrekliker om ek dêr nije wenten te bouwen.
- De Lelyline is in manier om in duorsume kar om te reizgjen, dwaan te kinnen en helpt by it heljen fan de klimaatdoelen.

Betingsten foar de Lelyline

Foarôfgeand oan it ûndersyk stelden wy twa betingsten oan de Lelyline:

1. De Lelyline moat goed yn de natuer ynpast wurde.
2. By it oanlizzen fan de Lelyline moat der foldwaande rêst en iepen romte oerbliuwe.

De ûndersiken nei de Lelyline

Der waarden ferskate ûndersiken nei de Lelyline dien. De ûndersiken rjochten har op:

- a. Berikberens.** Hokker rûtes binne der foar de Lelyline mooglik en hoefolle reizgers soene der op dy rûtes reizgje?
- b. Ontwikkelingsmooglikheden.** Hokfoar plannen soest mei help fan de Lelyline meitsje kinne om de fjouwer noardlike provinsjes te ûntwikkeljen? Wêr kinne nije wenten en bedriuwen komme en hoe past de natuer dêrby?
- c. Wolfert.** Hokfoar kânsen krije minsken troch de komst fan de Lelyline? Komme der mear banen, wenje minsken tichter by opliedings, en mooglik wurk? Kinne minsken dan better nei bygelyks sikehuzen of in spesjalist dy't oars min te berikken wie? Hokfoar ynfloed hat de Lelyline op natuer en duorsumens?
- d. Ynternasjonaaal.** Kin de Lelyline soargje foar in bettere ferbining mei Dútslân? Wat betsjut de Lelyline foar Europa?

Om antwurden op dy fragen te finen waarden der ûndersiken dien. De ûndersiken ljochtsje wy hjirnei ta.

a. Berikberens

Der binne trije rûtes ûndersocht, nammentlik:

1. It Ofslútdykalternatyf.
2. It Bondelingsalternatyf by de sneldiken A6, A7 en A32.
3. It Súdlik alternatyf, oer Emmeloard en Assen.

Ut de ûndersiken docht bliken dat de reistiid mei de Lelyline tusken Grins en Ljouwert en de Rânestêd fiks koarter wurdt.

Ek tusken de fjouwer provinsjes wurde de reistiden koarter. Yn it Bondelingsalternatyf en Súdlik alternatyf krije Emmeloard en Drachten in stasjon oan de Lelyline, dêr't dy stêden in soad ekstra kânsen mei krije op it mêd fan wenjen, wurkjen en ynkommen. Ek foar Lelystêd en It Hearrenfean wurde de reistiden fiks koarter. De reistiden mei de trein binne dêrby folle flugger as de hjoeddeistige reistiden mei de bus tusken dy plakken.

Ofhinklik fan de rûte, stasjons en tsjinstregeling is de ferwachting dat der alle dagen likernôch 17.000 oant 40.000 reizgers mei de Lelyline reizgje. Mei ekstra nije wenten en mooglik ek ekstra stasjons kin dat oantal sels oprinne ta 50.000 reizgers deis.



Ofslútdykalternatyf: oer Alkmaar

- 🕒 Reistiid Grins - Amsterdam Sintraal: 107 minuten
- 🕒 Reistiid Ljouwert - Amsterdam Sintraal: 78 minuten
- 🗉 Oantal reizgers deis: 17.000
- 💰 Kosterûzing: € 17,2 miljard (bânbreedte € 12,7-21,4 miljard)
- 📊 Eksploitaasjesaldo: posityf



Bondelingsalternatyf: troch It Hearrenfean

- 🕒 Fluchste reistiid Grins - Amsterdam Súd: 69 minuten
- 🕒 Fluchste reistiid Ljouwert - Amsterdam Súd: 68 minuten
- 🗉 Oantal reizgers deis: 40.000
- 💰 Kosterûzing: € 13,8 miljard (bânbreedte € 9,8 - 17,9 miljard)
- 📊 Eksploitaasjesaldo: posityf



Súdlik alternatyf: oer Assen

- 🕒 Reistiid Grins - Amsterdam Súd: 87 minuten
- 🕒 Reistiid Ljouwert - Amsterdam Súd: 80 minuten
- 🗉 Oantal reizgers deis: 28.000
- 💰 Kosterûzing: € 8,2 miljard (bânbreedte € 5,9-10,5 miljard)
- 📊 Eksploitaasjesaldo: negatyf

Leginda: 34 Hjoeddeiske reistiid 34 Yndikative rydtiid mei Lelyline — Bestead spoor (maks. 140 km/o) — Nij spoor (200 km/o)

b. Ontwikkelingsmoglikheden

In ûndersyk nei plannen en kânsen is eins in ûndersyk nei de takomst fan Noardlik Nederlân. Wy keazen de rûte lâns Drachten en Emmeloard om de takomst te sketsen. De Lelyline kin stêden better mei-inoar ferbine, it plattelân oantreklik en fitaal hâlde en bedriuwen om de nije stasjons fan Emmeloard en Drachten hinne fersterkje.

Troch de komst fan de Lelyline kinne der 55.000 – 115.000 ekstra wenten boud wurde en komme der 30.000 – 70.000 banen by, njonken de groei dy't sûnder de komst fan de Lelyline al ferwachte waard. Dêrby sjogge wy altyd nei de natuer. Benammen ús boaiem en ús wetter binne wichtige ûnderdielen fan de natuer om om te tinken ear't der boud wurde sil.



c. Wolfeart

Wy ûndersochten wat de ynfloed fan de Lelyline op de wolfeart is. Dat diene wy op grûn fan acht ûnderwerpen:

- 1. Wolwêzen:** De Lelyline soarget foar mear kar yn opliedings en banen, bettere tagong ta foarsjennings en mear ferbûnens mei Nederlân. Neidiel: minder rêst.
- 2. Wolfeart:** De Lelyline soarget foar mear wurk en ynkommen en is oantreklik foar bedriuwen en fernijing. Neidiel: lokale bedriuwen krije mear konkurrinsje.
- 3. Sûnens:** De Lelyline soarget foar bettere tagong ta soarch en mear beweging troch rinnen en fytsen nei stasjons.
- 4. Wurk en frije tiid:** Koartere reistiden ferbetterje de balâns tusken wurk en privee. Neidiel: mear drokte troch rekreaasje en hinne en wer reizgjen.
- 5. Wenjen:** De Lelyline soarget foar nije huzen en bettere wiken. Neidiel: huzepriizen (yn Noardlik Nederlân) kinne omheech gear.
- 6. Mienskip:** De Lelyline ferbetteret de libbenens yn stêden en Noardlik Nederlân. Neidiel: ferlies doarpsgefoel.
- 7. Feiligens:** Minder ferkearsûngemakken omdat minder minsken mei de auto reizgje.
- 8. Miljeu:** De Lelyline is posityf foar it miljeu omdat treinreizgjen in duorsume foarm fan ferfier is. Neidiel: mooglike natuerskea troch it oanlizzen fan de Lelyline.

d. Ynternasjonaal

In fluggere spoarferbining betsjut dat de oansluting nei Brussel en Parys of nei Skiphol better wurdt foar noardlike bewenners. Dêrnjonken hat Grins in spoarferbining oer de grins hinne mei Bremen dy't mei de Lelyline kânsen jout foar de grinsregio's en op 'e lange termyn in flugge ynternasjonale ferbining nei Hamboarch en fierder mooglik meitsje kin.



Hoe giet it no fierder?

Omdat de ûndersiken no klear binne, kin der in beslissing nommen wurde oer de folgjende stappen. Foar de lêste stân fan saken kinne jo sjen op www.delelylijn.nl.